


# Myn boartersguod


Ik ha in berneweintsje  
en in treintsje  
en noch folle mear.  
Komst in kear?



## Berneweintsje

Kinst in berneweintsje meitsje fan b.g. 2 teedoaskes.  
Knipst de boppekanten derôf en skowst se yninoar.  
De doaskes kinst opfervje of beplakke.  
Ast der tsjillen oan ha wolst, kinst deksels of doppen  
op de sydkanten plakke.  
Fan papier of stof kinst in tekkentsje knippe.

Ride ride in hiel ein  
mei de poppe yn de wein.



Kinst de doaskes foar it berneweintsje ek teare fan tearkarton.

